

Po@dium

nije digitale berjochten fan Bennie Huisman

hoe kom ik de winter troch?

Winter.

Ik ha der persoanlik noait in grut leafhawwer fan west. Myn grutste beswier fan hjoeddei, no't ik libje yn of tichte op myn libbenswinter, is de kjeld. It heucht my net dat ik as bern dêr in soad lêst fan hie. Ek as folwoeksene hie ik lang net dat gefoel: in lange, tsjustere en kâlde rite yn te gean, dêr't ik trochhinne moat.

Ik besykje lykwols safolle mooglik aktyf te bliuwen. Der op út: rinne, fytse, wêr en wannear dat mar mooglik is. Kin my dêr op klaaie, mar as der in stive, skerpe wyn stiet, dan moat it faak op karakter. Dochs kin ik genietsje fan moaie snie en kleare loften. Of fan it winterwille op beferzen fearten, lykas yn febrewaris dit jier. Mar persoanlik jou ik de foarkar oan iis fan La Venezia.

Sa 'n wike strange froast is langer mear útsûndering as regel. Iisbanen op 'e doarpen wurde alle winters hoopfol fan in laachje wetter foarsjoen, mar it bart net faak mear, dat dêr jûn oan jûn populêre hits út 'e speakers dinderje. Om oer Alvestêddetochten mar net te praten.

Want we sitte yn 'e problemen. Net inkeld as Friezen, Nederlanders en Europeanen, mar mondiaal. Yn de tiid fan ien generaasje binne we fan ûnskuldige argeleazens en onnoazelens nei *Alarmfase 1* gien. Binne we ús der bewust fan wurden hoe bedriigjend ús wize fan libjen is, benammen foar oare libbens. Wy binne hjir ryk. Mei ús technyske en organisatoaryske mooglikheden kinne we wol in soarte fan 'ark' bouwe om te oerlibjen as de 'sondfloed' komt. Mar miljoenen minsken fierderop binne oerlevere. No al. En de generaasje dy't dat foarinoar krigen hat, dat is myn generaasje.

Hoe is dat sa kommen? En hoe haw ik dat belibbe?

De earste winter dat ik sels de ferantwurdlikheid hie om 'de winter troch te kommen' wie dy fan '66-'67. Yn de simmer fan '66 hie ik mei myn faam yn 'e hite hij in begjin makke mei de folgjende generaasje. We trouden en fûnen wenromte yn Ritsumasyl. Dêr lei ûnder de reek fan Ljouwert yn de âlde farwei nei Harns, in rychje wenarken.

Dy fan ús wie de lytste. Opboud op in izeren pream fan goed twa meter breed en net folle mear as tsien meter lang. In *tiny house* avant la lettre. De iennichste ferwaarme romte wie de keamer, dêr't in oaljekachel stie. De oalje dêrfoar kaam út in tank foarop, dy't út en troch byfuld waard. Nachts waard de kachel útset, moarns wer oanstutsen.

Dat kaam krekt: as er 'plofte' siet alles ûnder it roet.



Ik hie wurk fûn by Rykswettersteat, op 'e tekenkeamer. Moarns yn it tsjuster fytste ik, oer in winterdeis amper begeanber paadsje nêst de feart, nei it kantoar yn Ljouwert. Dan hie ik soms al in moai skoft dwaande west mei de húshâldlike 'nutsfoarsjennings'. De fjouwer winters dy't ik dêr belibbe wienen yn fergeliking mei de winters fan no frij strang. It kraanwetter kaam troch in slange út in put op 'e wâl. Winterdei waarden slange en put sa goed mooglik isolearre. En by strange froast lieten we de kraan nachts sûntsjes rinne. Evengoed moast ik wthoefaak moarns-ier mei in tsjettel hyt wetter besykje de boel wer streamend te krijen.

Datsoarte fan ferantwurdlikheden koe ik dêrfoar net. De taak om goed 'de winter troch te kommen' wie oant en mei pakwei de fyftiger jierren oars as no. De kostwinners yn de huzen dêr't ik yn opgroeide - ús pake, ús heit - hienen as earste opdracht: foar genôch hout of koalen soargje. Sliepkeamers hienen gjin ferwaarming. Yn myn bertehûs - dat fan pake en beppe - stienen twa kachels. Ien yn de achterkeamer en ien yn de winkel foar. Boppe sliepte elk ûnder it dakbeskot. Winterdeis mei blommen op 'e ruten en soms iis op 'e tekkens. Under wie it wol ôftimmere, meast mei sachtboard en hurdboard. Diels wie dat ek om wat der fan de muorren rûgele en tusken de souderplanken trochfoel te kearen. Sa wie it better skjin te hâlden.

Dat betimmerjen waard útwreide nei boppe doe't it gas kaam. Pake en beppe makken de romten boppe 'funksjoneel'. Earst kamen der leskeamers foar de *Heerenveense Muziekschool* fan ús heit, dêrnei waarden der keamers ferhierd. Dêryn kamen gaskachels. Mar fan isolaasje yn de hjoeddeiske betsjutting wie gjin sprake. Ek net yn de oare huzen dêr't ik yn opgroeide. Yn '49 ferhuzen we nei in nij, krekt boud hûs. De innovaasjes wienen benammen rjochte op komfort. Der siet bygelyks in dûs yn. Mar alle glês wie noch inkeld. Oars as yn Dútslân en Eastenryk, dêr't de winters troch it lânklimaat langer en stranger wienen. Dêr wie al lang in tradysje fan dûbbele ramen, as foarrinner fan thermopane.

Ek ús wenarkje hie binnenbetimmering. En inkeld glês. Nei twa jier kaam der in gruttere wenark, dy't ek yn 'e keuken in (hout)kachel hie, mar dy't fierder net folle oars wie yn opbou. Der kaam mear jild om te besteegjen, der kaam in brommer, in televyzje, in auto. Mar ek de fertizing fan in skieding, in nije leafde, nije famylje, nije huzen en groeiende wolfeart. En in groeiende bewustens fan de wrâld om ús hinne. Dat alles tsjin it dekôr fan de Kâlde Oarloch, dy't fier fan ús bêd dea en ferderf meibrocht, mei Vietnam as djiptepunt. Yn dyselde tiid kaam ek it earste *Rapport van Rome* út, in warskôging foar wat der barre soe 'as we sa troch gienen'. Mar we gienen net inkeld sa troch, we dienen der noch wthoefolle skepkjes boppenop.

Yn de jierren '80 waard ik wer meiferantwurdlik foar in eigen hûs. Dat wie itselde hûs dêr't ik yn berne wie. Dat wie der sûnt dy heuglike dei boukundich én wat 'klimaat-label' oangiet net op foarút gien. It moast renovearre. Dat gie foar it earst mei thermopane en isolaasje. De gaskachels bleaunen noch in skoft en de transysje nei cv gie fia in tuskenstap mei in 'moederhaard'. Sûnt hawwe der al wer meardere renovaasjes west. Ik kin in soad sels en bin fêst fan doel om fierdere stappen te setten. Diels is dat om't de priis fan enerzjy hieltyd heger wurdt. It is alsa in miks fan eigenbelang en mear algemien belang. Dat 'mienskiplik' belang - nasjonaal, mondiaal - soe eins it earste wêze moatte dat ús oan it wurk set. Om ús oars te gedragen, om oare keuzes te meitsjen. Mar it is faak de enerzjy-rekken, dy't ús it lêste setsje jout. En dan fertsjintwurdigt dy rekken mar in diel fan de werklike kosten. De rest fan de rekken bedarret earne oars. Yn Grins (ús gas), yn Nigeria (ús' Shell) en op al dy oare plakken dêr't grûnstoffen eksploiteard wurde om ús wize fan libjen tsjin in sacht pryske te fassilitearjen.

Mei de alternativen dêr't we de ûndergong mei hoopje foar te kommen giet dat eins krekt sa. De edelmetalen dy't nedich binne foar de akku's, dêr't we deselde autokilometers mear 'ferantwurde' mei ride wolle, dy wurde rûnom roofd, op plakken fier fan ús bêd. De minsken dy't der boppenop wenje meie se tsjin in hungerlean der út helje en der siik fan wurde. De werklike wearde - jild, macht - wurdt ynkasseard troch CEO's en belizzers, dy't in skerpe noas ha foar ús ferlet as konsuminten.

Want dat is wat we nei de oarloch wurden binne: konsuminten. Der is sels in hiele industry groeit om ús 'konsumintebelangen' hinne. Der is in Consumentenbond, dy't foarsortearrt op ús ferlet troch alles wat we ha wolle te testen. Sa kinne we it bêste kieze tsjin de bêste priis. En kinne we in paad fine yn de wyldgroeï fan reklames dy't alle dagen yn alle foarmen fan media sûnder freegjen oer ús útstoart wurdt.

Tagelyk sette dizze adviseurs net folle fraachtekens by ús ferlet fan en driuw nei altyd mar wer nije produkten. Of by it priiskaartsje dat der oan hinget. Net it priiskaartsje yn de reklames, mar it echte. Wêryn alles meinommen wurdt: wêr't it makke is, wêr't de grûnstoffen weikomme, de fersmoarging dy't achterlitten wurdt, koartsein: it humanitêre en ekologyske priiskaartsje dat der oan hinget. En dat meast net by ús yn rekken brocht wurdt.

De Consumintebond bestiet by de graasje fan ús 'konsumintisme'. Foar de ethyske kant binne der wer oare organisaasjes, stiftingen en idealistyske foarljochters. Mar it bliuwt altyd ek in fraach oan ússels: hoe kinne we 'ferantwurde' konsumint wêze. Want fan dy identiteit binne we hjir samar net ôf. En it is komplisearr. Want miljoenen, sa net miljarden minsken fierderop ha in bestean troch wat wy hjir konsumearje. Nei ús mjitstaven in rotbestean, mar in bestean. En wy kinne mar beheind ynfloed ha op wat dêr allegear bart.

Mar it kin wol. It is net fanselsprekkend, mar it kin wol. En it wrâldwide internet, dat ús konsuminteferslavings graach fassiltearret, kin ús ek helpe om te kiezen op basis fan goede ynformaasje. Dat is de irony.

it bliuwt winter yn 'e wrâld

Sân jier lyn, oktober 2014, skreau ik myn earste Po@dium. Alle moannen kaam der in 'magazine' fan oer de 20 siden. Dat fan desimber 2014 begûn mei in artikel dêr't boppe stie: *Winterwrâld*.

It referearre oan it jier 1989, doe 25 jier lyn. De muorre 'foel', net lang dêrnei spatte de Sowjet-Uny útien en Súd-Afrika belibbe in revolúsje. It like wol maitiid. Yn de desennia dêrnei belibben we wol in digitale revolúsje, dy't de wrâld én ús eigen libbens yngripend feroare. Mar fredich wienen se net. De Balkan, it Midden-Easten, Irak, Afghanistan, Ruslân en de Krim... Ik sjoch grif hiel wat oer de holle.

Yn datselde nûmmer in wiidweidich stik oer sliepsankjes. Dy't ek in ekspresje wêze kinne fan de soargen fan dejinge dy't sjongt. Lykas yn it fan oarsprong jiddyske liet hjerneist. Tige aktueel, no 't de kleau tusken ryk en earm, tusken *haves & have-nots* op hast alle nivo's grutter is as ea. We geane no de tredde 'korona-winter' yn en 'wie heeft zal gegeven worden, wie niet heeft...' - sjoch fierder de Bibel. Al hat Jezus it grif oars bedoeld.

În tredde artikel gie oer it 'finster op 'e wrâld' dat fia myn laptop ynienen iepengie troch in mail fan Amnesty International. Mei in útnoeging om mei te dwaan oan in skriuwjûn.

Sjlof, majn kind, sjlof kesejder

Sleep myn berntsje, sleep mar sêftkes,
sjonge wol ik dy in liet
Asto myn berntsje, aanst âlder bist,
wist ek fan it ûnderskied.

Asto myn berntsje, aanst âlder bist,
wurdst oan alle minsken lyk.
En dan silst wol gau te witten komme,
wat is earm en wat is ryk.

It grut paleis, de djoerste huzen,
alles bouwt de earme man
Mar wist wol wa't dêr dan yn wenje mei?
Net de wrotter mar de rike man

De earme, hy sleept yn in kelder.
Wiet en kâld, in hoale lyk
Syn wurge fuotten, skeinde hannen,
steane stram fan 'e rimmetyk.

Yn dat artikel stie in ferslach fan sa 'n skriuwjûn. Ien fan de brieven, yn it Ingels, standert formulearre, wie rjochte oan de doetiidske kening fan Saudi-Arabië. Oer dat lân skreau ik doe:

Mijn eerste brief is gericht aan de koning van Saudi-Arabië: *Abdullah bin Abdul Aziz Al Saud*. Hij is al oud en zijn dynastie regeert het land al sinds de stichting. Met harde hand. De olieinkomsten hebben het koningshuis steenrijk gemaakt en het land gemoderniseerd. Maar het is een dictatuur: vrouwen en andere religies worden onderdrukt, afwijkende meningen en andere seksuele geaardheid rechtenloos afgestraft.

Het is de geboortegrond van de Islam, maar 80% van de culturele schatten daarvan zijn vernietigd, omdat die niet de 'zuivere opvatting' vertegenwoordigen. Het was lang - en is nog steeds - een geo-politiek vriendje van Amerika, hoewel het veel anti-westerse terreurgroepen financiert.



Dat is no 7 jier lyn en yn dy tiid is der in soad feroare. De âlde, krebintige kening is opfolge troch in soan, ien fan de 'tsientallen' (dêr hie dy bolle fansels in fikse keppel kij foar nedich). De nije kening is ek al âld. Fan him waard yn earste ynstânsje ferwachte dat er alle toutsjes wat lossere meitsje soe. En yndie: froulju meie no ek autoride. Wat ûnderdrukking oangiet die hy der noch in skepke boppenop. De Amnesty-brief gie doe oer Raif Badawi, in skriuwer, dy't online krityk leverde hie en ta tsien jier opslúting feroardield waard. En tûzen swypslaggen yn it iepenbier. Dêrfan hat er doe 50 krigen, de oare 950 waard him net kwytskolden, mar binne ûnder 'ynternasjonale druk' earst parkeard. Hy sit noch altyd fêst. Mar is, foar safier bekend, noch yn libben. In oare reden foar syn feroardieling wie: it beledigjen fan de Islam. Dy toutsjes binne nammentlik ek stiver oanlutsen. Nei de Amerikaanske ynfal yn Irak waard Saudi-Arabië fanwegen syn bân mei Amerika troch de radikale Islam bekritysearre. Om sok protteljen yn eigen lân wat foar te wêzen joech it keningshûs de strange religieuze liederen mear te sizzen.

In oare kritikus, Jamal Kashoggi, dy't foar de Washington Post wurke, is fermoarde. Wierskynlik yn opdracht fan de nije kening. Yntusken fjochtet it lân ek in saneamde proxy-oarloch út yn buorlân Jemen. Mei Iran, in oare religieuze skerpsliiper mei in konkurearjende Islam-fariant. Wêrby de religy by de liederen minder in inerlike oertsjûging is as in soarte fan *hijaab* dêr't harren hebsucht en machtshonger achter skûlgiet.

Je soenen sizze dat sokke lannen ta de outcast fan de 'beskaafde' wrâld hearre soenen. Mei Iran is dat op sekere hichte ek sa. Mar de folle rikere hearsers op it Arabysk skiereilân witte wol hoe't de westerske hazzen rinne. Alles is hjir te keap. Fuotbalklubs, djoere huzen yn de haadstêdden fan Europa, goodwill en positieve oandacht fia sporteveneminten.

Koartlyn struts de Formule I der del. Alle kranten stienen der fol fan, want ja 'us Max'..

En Max sels? '*...he cried all the way to the bank.*' (op de Maagdeneilannen) Kommend jier is yn Qatar it WK-fuotbal. De like rike en fromme ynwenners dêrfan hawwe de hannen út 'e smetteleas wite mouwen stutsen om dat mooglik te meitsjen. En wat goedkeape hannen foar it smoarge wurk ynhiert út it arsenaal earmoedsaaiers om harren hinne.

Dit is de *Champions League* fan korrupsje en 'bloedjild'. Bliuwt oer de fraach wat wy dogge as 'ús jongens' dêr aanst fuotbalje. Sels leauwe dy dat it helpe kin om it lân frijer te meitsjen en it lot fan 'e earne sloebbers dy't dêr wurkje te ferbetterjen. Dy arguminten binne like âld as it earste problematyske mondiale sportevenemint: de Olympyske Spelen fan 1936 yn Berlyn.

It is in fraach fan it eigen gewisse. Dy't de bestjoerders net foar ús oplosse sille.

winterklear

Foar it earst yn wit-ik-hoefolle jierren hoech ik net in boat mear 'winterklear' te meitsjen. De lêste dy't my yn gizeling hold haw ik begjin dit jier ferkocht. No wie it winterklear-meitsjen faak net it measte wurk: it kwetsbere spul der ôf en der út, grut kleed der oer en 'oant maart of april...' Dêr hong dan wol in priiskaartsje oan. Sûnder wâl oan it wetter hie ik in plak yn in haven nedich. Dêr waard der op past en koe ik de soarch oer it boatsje in skoft fan my ôfsette. Oant 'maart of april...' Dan begûn it ûnderhâld mei syn ôfwegings: op 'e nij skilderje of inkeld wat bywurkje, even op 'e wâl en de oangroei ôfspuitsje of oare jier mar... Alles kostet tiid en jild en dat is gjin probleem als it dan intinsyf brûkt wurdt. Mar dat barde net of te min.



It boatsje wie in *oldtimer*. Mei in histoarje. Boud yn 1934 en yn ús famylje kommen yn 1983. Nei de ieuwikel bleau ik as iennichste ferantwurdlike oer en de driuw dêrta wie net daalk it ferlet om der safolle mooglik mei 'it wetter op te gean', mar om der ferbylding omhinne te spinnen. It waard in boarne fan ferhalen. En ek fan in liet.

No bin ik sa stadichjes sels in *oldtimer*. Fysyk sjoen falt it ta. Alde boaten en auto's ha faak kostber en yntensyf winters ûnderhâld nedich om simmerdeis wer de *catwalks* op te kinnen, mar oan my binne yngripende restauraasjes en reparaasjes noch foarby gien. Ik hie in liesbreuk (*ljisk-brek* krij ik net út 'e bek, *entschuldigung*). Dy krige ik foar de ynstoarting fan 'e reguliere soarch noch krekt ferholpen. Mar dat wie net sa yngripend. It liif prottelt wolris by alles wat ik noch ûndernim. En der is ûnomkearber funksjeferlies - hearre en sjen - dat inkeld noch ôfremd of mei proteses stipe wurde kin. Fierder 'koe it minder...'

Mar it hâldt in keer op. It liif sil him oant it lêst ta fernije, oant fitale ûnderdielen der mei ophâlde. Dat kin moarn barre. Of oer 5, 10, 15, 20, mooglik wol 25 jier. Mar it hâldt in kear op. Wat bliuwt der dan oer, nêst in 'stoflik oerskot'?

Wat wurdt myn 'neilittenskip'? Ik sil yn it ûnthâld bliuwe fan leafdes en bern dy't my oerlibje. Dêr meitsje ik my gjin soargen oer. Ik sil mist wurde, it subjekt wurde fan fertriet en rou. En op termyn fan mingde en feroarjende gefoelens. Lykas ik sels altyd wer oars sjoch nei wa't my 'ûntfoelen' of wa't ik ferlitten ha. De skiednissen mei pakes en beppes, mei âlders, mei besteande en brutsen leafdes litte my trochgeand sykje. Nei sin en betsjutting, nei antwurden op fragen dy't altyd wer komme. Sa lang der libben is.

Mar der is ek noch in oare neilittenskip. Ik ha fyftich jier lang lietsjes en ferhalen skreaun. En doch dat noch altyd. Mar de fraach is: wat bliuwt der fan oer nei de lêste punt, nei it lêste optreden? Dy fraach is no al aktueel. It skreaune en lêzen Frysk ferdwynt. De argewaasje dêr oer sil noch lang yn it Frysk publisearre wurde. Mar it bliuwt in striid fan de Salomonseilanen tsjin it riizjend wetter. In stadichjes weisinke troch de mondialisearring en industrialisearring fan de kultuur en de dominânsje fan it Ingels. Nei ús de sondfloed.



te zwerven op het water
en dromen van de zee
met de wind in m'n haren
naar de verre verten varen
tot ik de tijd vergeet
te zwerven op het water

waterland

klik op de titel
en harkje nei it liet

aan de kade slaapt mijn bootje
roerloos in z'n winterrust
het wacht er geduldig
tot het wakker wordt gekust
komt dan eindelijk de lente
met een zoele zuidenwind
gaan we zonder jas naar buiten
uitgelaten als een kind
ik haal alles van de zolder
maak een hut in de kajuit
licht als van jonge liefde
zeilen we de haven uit

het is maar een simpel bootje
nog ouder dan ik ben
het heeft liefde en verwarring
trouw en ontrouw ooit gekend
het is gekoesterd en beschadigd
verlaten en bemind
maar het schikt zich naar de dromen
en verlangens van een kind
het is oud en wijs geworden
heeft alles overleefd
zet het liefst alle zeilen bij
weet wanneer er moet gereefd

te zwerven op het water

toen ik nog een kind was
met het waterland vergroeid
zeilde ik naar verre kusten
onnozel, ongemoeid
maar het spelend kind van toen
is verdwenen in de tijd
nu bewaak ik alle uren
van de middag die verglijdt
de zee van zorgeloosheid
waar ik eens verbeelding ving
is nu een herinnering

met de wind in m'n haren
naar de verre verten varen
tot ik de tijd vergeet
te zwerven op het water
en dromen van de zee.
het zorgenloze zingen
de nutteloze dingen
de tijd niet meer besteed
te zwerven op het water...

Dat, ik bou noch mar wer ris in 'arkje'.

CD's wurde no en aanst net mear kocht of 'draaid'. Der sille grif, lyk as fan myn boeken, eksimplaren bewarre wurde yn de Provinsjale Argiven. Dêr wurde se mooglik oait opfrege troch in wittenskipper, foar in dissertaasje oer in kultuur dy't yn 'e nederklits rekke. Foar no moat ik wat oars betinke.

Alderearst foar myn neilittenskip as '*Liedermacher*', '*singer-song-writer*', '*troubadour*'. (der is net in eigen Frysk wurd foar). Op myn *site* (benniehuisman.nl) is der een nije side foar reservearre: mijn *liedjes*. Dêr stiet in plaatsje fan in 'album': *Wetterlân*. Ek ien fan *Waterland*. Klik der op en der iepent him in PDF mei dêryn de teksten fan myn lietsjes, Mei achtergrûnferhalen. Wolst it lietsje hearre: klik op de titel. *Simple comme ça...*

Op termyn komme der noch twa frysktalige albums.

Oan de opnames van dy lietsjes hawwe meardere 'rjochthawwers' meiwurke. Omdat ik no hear by de noch altyd groeiende groep 'weesbern fan Omrop Fryslân' sil de opbringst fan de lêste jierren foar harren net iens genôch west ha om der by La Venezia in iisko fan te keapjen. Mar ik ken harren en en sil se wat taskikke.

Jo moatte wat.

'Po@dium' is in Persoanlik Digitaal Magazine - dit is de 2e ôflevering fan 2021

En fan in nije rige, dy't de tiden fan it jier folget.

Réaksjes binne altyd wolkom: info@benniehuisman.nl

Wa't op 'e ferstjoerlist wol cq op it tastjoeren gjin priis stelt: lit it witte.

www.benniehuisman.nl